

PARSEBERJOCHT

26 jannewaris 2016

Derbywykein by Omrop Fryslân

Foar de twadde kear dit seizoen is it tiid foar dé fuotbalwedstriid fan Fryslân: de Fryske derby. Yn in kolkjend en brûzjend Cambuurstadion nimt it giel blau fan SC Cambuur it snein 31 jannewaris op tsjin it blau wyt fan SC Hearrenfean. Omrop Fryslân is dêrby en docht live ferslach fan de Fryske derby. Ek de dagen foar de derby is der rom omtinken foar de spannende wedstriid.

Foar de sechsde kear nei de promoasje fan SC Cambuur nei de Earedivyfje steane de klubs tsjinoer inoar. Yn novimber 2015 waard it 2-0 foar de Feansters mar kommende snein leit alles noch iepen. Om 14.30 oere mei SC Cambuur yn eigen stadion revâns nimme.

Freed 29 jannewaris stiet it telefyzjeprogramma Bynt hielendal yn it teken fan de Fryske derby. Yn it spesjale 'Derby kafee' wurdt mei ferskate fuotbalkenners foarút sjoen op de wedstriid. Under oaren sportsjoernalist Frits Barend en grut SC Hearrenfean-fan Hans Anker skowe oan. Ek fuotballer Lucas Bijker komt del, hy wit as gjin oar hoe bot de derby spilet, hy makke dit seizoen nammentlik de pikante oerstap fan SC Cambuur nei SC Hearrenfean. Fierder oan tafel Foeke Booy, hy komt oarspronklik út Ljouwert en wie ûnder oare trainer by FC Utrecht en Go Ahead Eagles. Bynt Sport mei it Derby kafee is der fan 17.20 oere ôf en dêrnei alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje.

Snein 31 jannewaris docht Omrop Fryslân live ferslach fan de wedstriid op de radio. Foar en nei de wedstriid hâldt ferslachjouwer Arjen de Boer ynterviews mei minsken fan beide klups. Fan 14.30 oere ôf is de wedstriid live te folgjen, it kommentaar wurdt fersoarge troch Geert van Tuinen en Roelof de Vries. Jûns yn Hjoed in gearfetting fan de wedstriid mei reaksjes fan beide ploegen.

Alles oer de Fryske derby:

Freed 29 jannewaris om 17.20 oere, it Derby kafee fan Bynt Sport op Omrop Fryslân Telefyzje en online. Snein 31 jannewaris live ferslach fan de Fryske derby fan 13.00 oere ôf op radio, ynternet en de Omrop-app.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje: 058 299 7876.

PERSBERICHT

26 januari 2016

Derbyweekend bij Omrop Fryslân

Voor de tweede keer dit seizoen is het tijd voor dé voetbalwedstrijd van Friesland: de Friese derby. In een kolkend en bruisend Cambuurstadion neemt het geel blauw van SC Cambuur het zondag 31 januari op tegen het blauw wit van SC Heerenveen. Omrop Fryslân is daarbij en doet live verslag van de Friese derby. Ook de dagen voor de derby is er ruim aandacht voor de spannende wedstrijd.

Voor de zesde keer na de promotie van SC Cambuur naar de Eredivisie staan de clubs tegenover elkaar. In november 2015 werd het 2-0 voor de Feansters maar aanstaande zondag ligt alles nog open. Om 14.30 uur mag SC Cambuur in eigen stadion revanche nemen.

Vrijdag 29 januari staat het televisieprogramma Bynt helemaal in het teken van de Friese derby. In het speciale 'Derby kafee' wordt met verschillende voetbalkenners vooruit gekeken op de wedstrijd. Onder anderen sportjournalist Frits Barend en groot SC Heerenveen-fan Hans Anker schuiven aan. Ook voetballer Lucas Bijker komt langs, hij weet als geen ander hoe erg de derby speelt. Hij maakte dit seizoen namelijk de pikante overstap van SC Cambuur naar SC Heerenveen. Verder aan tafel Foeke Booy, hij komt oorspronkelijk uit Leeuwarden en was onder andere trainer bij FC Utrecht en Go Ahead Eagles. Bynt Sport met het Derby kafee is er vanaf 17.20 uur en daarna ieder uur op Omrop Fryslân Televisie.

Zondag 31 januari doet Omrop Fryslân live verslag van de wedstrijd op de radio. Voor en na de wedstrijd houdt verslaggever Arjen de Boer interviews met mensen van beide clubs. Vanaf 14.30 uur is de wedstrijd te volgen, het commentaar wordt verzorgd door Geert van Tuinen en Roelof de Vries. 's Avonds in Hjoed een samenvatting van de wedstrijd met reacties van beide ploegen.

Alles over de Friese derby:

Vrijdag 29 januari om 17.20 uur, het Derby kafee van Bynt Sport op Omrop Fryslân Televisie en online. Zondag 31 januari live verslag van de Friese derby vanaf 13.00 uur op radio, internet en de Omrop-app.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie: 058 299 7876.

